

## Antwurden Tekstbegryp ensfh. A 18 april 2015

*Bûten it korreksjemodel wurdt alles goed rekkene wat yn 'e hânwurdboeken fan de Fryske Akademy stiet, útsein dy gefallen dat dêr wurden yn foarkomme dy't yn 'e lesstof ferkeard rekkene wurde (b.g. 'dik' as oersetting fan Ned. dik, 'lústerje' as oersetting fan Ned. luisteren of 'raam' as oersetting fan Ned. raam). By de ûnderdielen C, D en F wurde staveringsflaters ek rekkene, by de oare ûnderdielen net.*

**Sawol de âlde stavering (fan 1980) as de nije stavering wurdt dit jier noch goed rekkene.**

### TEKSTBEGRYP

*A. De fragen moatte yn it Frysk en yn folsleine sinnen beäntwurde wurde. Mei-inoar 23 punten.*

1. a. Doktor Faust wurdt oantsjuten mei de nammen Satansfreon en Duvelskeunstner. (1 punt, in heal punt by ien namme)  
b. Dy nammen jouwe oan dat er in goede maat fan de duvel is en kwea-aardige keunsten útheve kin en dat der net folle goeds fan him te ferwachtsjen is. (2 punten)
2. a. Doktor Faust is mei it trekskip nei Ljouwert reizge. (1 punt)  
b. Hy kaam út de rjochting fan Dokkum wei (1 punt; in heal punt as allinne Dokkum neamd wurdt)
3. Doktor Faust seach der hiel foarnaam en ryk út. Hy hie in fluwielen mantel oan en hege kaplearzens. Hy hie in degen mei in protte sulver en in plomhoed. (3 punten)
4. Dat doktor Faust net in gewoane ferskinning yn Ljouwert wie, docht bliken út de wurden 'neigappe' en 'ferheard' yn r. 12. (2 punten)
5. Doktor Faust is nei Ljouwert ta kommen om mei syn duvelskeunsten fiten, streken út te heljen en dêrmei de boel yn opskuor te bringen. Dêr belibbet er sels in protte wille oan. In foarbyld út 'e tekst is: Wat soe er hjir wol net útheve kinne? (r. 10) (2 punten)
6. a. Yn de tekst stiet dat in barbier earder ek wol burdsnijer neamd waard (r. 15). (1 punt)  
b. Hjoed-de-dei neamt men in barbier in (heare)kapper. (1 punt)
7. De barbier hat it net drok mei syn wurk, want oars stie er net bûten nei de brouwersfeinten te sjen. (2 punten)
8. Ja, Faust wie tige wolkom, want de barbier docht fuortendaliks de doar foar him iepen en makket in bûging foar him (r. 19/20). (2 punten)
9. 1. De barbier wurket fluch en feardich (r. 22). Hy is betûft/bekwaam yn syn fak.  
2. Hy is net gau fan 'e wize (r. 26). Hy wurket serieuus en is net gau ôflaat.  
*Mei-inoar 2 punten.*
10. a. De barbier rekke fan 'e wize, omdat er tocht dat it burd dat er krekt skeard hie wer oangroeid wie. (1 punt)  
b. Ja, de barbier hie him fersind. Hy tinkt earst dat it burd wol oangroeid is (r. 23-24 ... hoe hie er it no? en r. 25 Seach er it wol goed? It like wol as wie it burd wer oangroeid). Fan betinken wêze dat it burd wer oangroeid is is it fersin. Oan 'e ein is de barbier der wis fan (r. 27) dat it burd net oangroeid is, dat hy hat him wol fersind. (2 punten)

### TAALEIGEN

*B. Twa punten foar elke goede betsjutting of omskriuwing. Mei-inoar 20 punten.*

1. bjusterbaarlik = eat/wat dat ta grutte ferwûndering, ferheardens opropt, wûnderbaarlik
2. oandie = ûnderweis foar koarte tiid in besite bringe
3. útheve = fiten, streken ta útfier bringe, útfrette, úthelje
4. gnyske = falsk, spotsk laitsje
5. optilde = yn grutte mannichten oanwêzich wêze, drok trochinoar hinne bewege
6. waard ... gewaar = bemerkje, bespeure, (op)merke, waarnimme, yn 'e gaten krije

7. antlit = it foarste diel fan de holle, gesicht
8. skoft = koarte tiid om te rêsten, eat dat oan 'e gong is ûnderbrekke
9. hy wie derôf = hy begriep it net mear, koe it net mear folgje, rekke yn betizing
10. skerpe him op = hy spande him mear yn om de oandacht derby te hâlden, sette syn geast op skerp

*C. Twa punten foar elk goed wurd. Mei-inoar 20 punten.*

- |              |           |
|--------------|-----------|
| 1. einlings  | 6. fan    |
| 2. mei-inoar | 7. sind   |
| 3. liik      | 8. regels |
| 4. ophâlde   | 9. rûnte  |
| 5. supermerk | 10. heine |

*D. Ien punt foar elk goed meartal en ien punt foar elk goed ferlytsingswurd. Mei-inoar 20 punten.*

- |                            |                            |
|----------------------------|----------------------------|
| 1. lannen/lânen - lantsje  | 6. keamers - keammerke     |
| 2. kammen - kamke          | 7. downen - doke           |
| 3. huodden - huodsje       | 8. jonges - jonkje         |
| 4. manlju/mannen - mantsje | 9. ferslaggen - ferslachje |
| 5. artikels - artikeltsje  | 10. prizen - pryske        |

#### OERSETOPDRACHT

*E. Trije punten foar elke goede sin. Mei-inoar 15 punten.*

1. Us mem kin net oer it leven/lawaai fan it kafee oan 'e oare kant fan de dyk.
2. Yn de maitiid rinne der in protte/soad skiep mei lamkes yn 'e greide/ it lân fan de buorlju.
3. Se freegje har(ren) ôf oft dat nijbouplan noch trochgiet, mar ik tink fan al/wol.
4. Neffens my bin ik fan 'e moarn ûnder/op de kuiertocht myn kaaien kwytrekke/haw ik myn kaaien weitôge/weibrocht.
5. Dat is in fraach dêr't wy noch altyd/hieltyd gjin antwurd op krigen hawwe.

#### YNTERFERINSJES

*F. Ien punt foar elke goede ferbettering. Mei-inoar 14 punten.*

- |                                    |                          |
|------------------------------------|--------------------------|
| 1. Fanôf = Fan ... ôf              | toen = doe't             |
| folgende =                         | 4. Namens = út namme fan |
| oare/nije/takom(mende)/oankommende | bestuer = bestjoer       |
| 2. slim = tûk, handich             | tsjinfallen = ôffallen   |
| muoilike = slimme/drege/lestige    | 5. it ein = de ein       |
| lêst = lêst                        | moe = wurch/ynein        |
| 3. bijna = hast                    | nei bêd = op bêd         |
| moast sizze = sizze moast          |                          |

*Mei-inoar kinne op dit ûnderdiel 112 punten helle wurde. By dit ûnderdiel wurdt útgien fan in noarm fan 60% goed (= 67,2 punten) is in foldwaande (5,5). Mocht dêr oanlieding ta wêze, dan kin de Eksamenkommisje dêrfan ôfwike.*